

SERA

Bart Kingma



oarewurden
|||

otherwords
|||

Co-funded by the
Creative Europe Programme
of the European Union



Sera

1.

De sfear stiet har wol oan, as se de hal binnenstapt. De jûn is healwei, en dat is te sjen. De earste jongeren rinne der al wat sleau by, it mear betûfte part fan it publyk stiet noch rêstich yn groepkes te praten, wittende dat it echte wurk noch komt. Foar it bandsje dat spilet ha se net folle oandacht. De akoestyk is dramatysk yn de grutte skipsloads, mar dat ferhult ek moai de kwaliteit fan dit trio. Mara sjocht om har hinne. Festivalpublyk is oaral itselde. Burden, tattoo's, in soad spikerstof en lear, earbellen yn alle foarmen; miskien hjir krekt wat mear noasringen en swartplastic earbellen as thús.

Oan de lange side fan de hal stiet de bar. Bier wurdt hjir yn foarmleas rûne glêzen tape. Mar dat hat se yn hiel Baskelân noch net oars meimakke, dus it wjerhâldt har net.

"On holiday?" freget in jonge dy't njonken har yn de rige foar de bar stiet.

Se fielt har altyd wat ûngemaklik, suver betrape, as se fuort herkend wurdt as bûtensteander. Mar de ljochtbrune eagen fan de jonge jonge stean op sêft, en syn stim allyksa.

"Min of mear. Wurkfakânsje, sis mar."

"Wat foar wurk dochst?"

"Ik bin sjongeres."

Syn gesicht ljochtet op. Hy hâldt fan it type-muzikant, seit er. Sels kin er neat spylje, en dat spyt him bot. Mar troch syn wurk komt er dochs yn de kunde mei in soad muzikanten.

Mara sjocht dat er dêr grutsk op is. Se kin net oars as him freegje wat foar wurk.

Hy is hjir hjoed frijwilliger omdat dit festival yn syn eigen doarp holden wurdt, seit er, mar hy wurket as roadie foar allerhande bands út de streek. Sa strúnt er hast alle konserten en festivals ôf, yn omkriten en fier dêrbûten. Yn Frankryk hat er ris in sjongeres troffen dy't wol wat op har liek.

Mara grout fan minsken dy't har binnen in pear minuten byprate wolle oer al harren wurk en prestaasjes, mar op ien of oare wize hat dizze jonge wat ûntwapenends, omdat er net yn de gaten hat dat er mei ditsoort praatsjes krekt gjin yndruk makket op in frou fan fjirtich. Mar miskien hat er it sa drok mei himsels dat er net iens sjocht dat er kânsleas by har is. Dat hat wat oandwaanliks. Se moat oppasse moat dat se him net te bot tagniist. In jier of achttjin, heechút, skat se him. Se beslút om net fierder op syn ferhaal yn te gean, sadat er it oer in oare boech smite moat. Noch altyd hat se gjin eachkontakt mei de minsken achter de taap. De jonge krijt it wol foar elkoar om twa bierkes te bestellen.

"Silst sels ek optrede?" freget er.

"Jûn? Nee."

"Tidens dyn ferbliuw, hjir?"

Der wurde twa glêzen bier foar de jonge delset. Hy leit der twa muntsjes njonken, dy't hast fuortgliidzje oer de wiete planke.

Mara skodhollet. Nee, it plan is fan net. Eefkes gjin publyk, dat is wêr't se sa nei útsjoen hat. Eefkes net besjoen wurde, eefkes net fan elkenien wêze. Sjen wat dat mei har docht. Oant no ta kin se dêr trouwens noch net folle fan sizze, fan dat lêste.

"Befalt it dy hjir?" Hy rikt har in bierke oan. "Ik hjit Iban, trouwens."

"Sera. Tank. Ja, ik fyn it hjir moai." Se sjocht him frijmoedich oan, sa iepen mooglik mar net útdaagjend, om sjen te litten dat se gjin spultsje mei har spylje lit. Hy jout gjin belies, sjocht like fleurich werom, sûnder dat syn brune eagen oare winsken útsprekke.

"Fyn ik ek. Baskelân is like paradise. As ik erges oars bin wol'k toch altyd wer hjirhinne."

"Ja, sa giet dat mei paradizen", glimket se wat âldsk. "Dy bestean altyd bûten dysels om. In paradys is allinnich in paradys ast it achter dy litten hast of as it noch foar dy leit." Se hopet dat er net freget hoe't sy oan dy wiisheid komt.

Iban knikt begripend. Lûkt har dan oan de mouwe. Krekt wat te twingjend, se krijt oanstriid om tsjin te akseljen. Hy fernimt it, lit har los en stelt har mei syn blik gerêst, rint nei de sydkante fan de hal ta. Braaf bonkelt se achter him oan.

"Sjoch", seit er, as se by in iepensteande doar komme dy't útsjocht oer de útein fan de baai. De dei is oan it dimjen.

Se sjocht. Hobbyfiskers op de rotsblokken, in loadsboat dy't útfart, de radiomêst heech op de rots, it ljochtbeaken oan de útein fan de pier. It moat krekt oanstutsen wêze.

"Sjoch nei dy tekst op de pier", ferdútst Iban.

Se siket. Grutte wite kalkletters op it beton. 'Presoa etxera, amnistia'. Dat lêste wurd begrypt se.

"Dêr stiet dat alle Baskyske finzenen thúskomme moatte", sei Iban. "It is belied fan de Spaanske regearing om alle Basken dy't oait oppakt binne foar terrorisme sa fier mooglik bûten Baskelân op te sluten. Se sitte yn Andalusië, Extremadura, Murcia. Hartstikke dom, fansels. Hoe fierder fuort, hoe mear sy it hjir as in paradys besjogge, dus hoe fûler Baskysk se binne. Se kinne se folle better hjir wer hinne bringe. Dan nimme wy se op en helje de spanning derút."

"Mar it binne toch terroristen?"

De jonge skodhollet. Mara kin net ynskatte oft er dat docht omdat hy fynt fan net, of út mispriizgjen om safolle ûnnoazelheid yn har fraach. Hy seit neat mear. Se stoarret nei de pier. In wat âlder stel kuiert deroerhinne nei it beaken ta. It ljocht knippert read. Twa polyester boatsjes mei fiskers komme binnen.

Se keart har om. Iban is fuort. It is yntusken ek aardich folrûn yn de skipshal. De headliner is al begûn. It earste nûmer fan Txiki & arraksta is krekt dien. No ja, dat binne dochs altyd feredele soundchecks. Txiki stiet wat lomp foar syn trijemansband. In grutte man mei in fjouwerkante bril en in swier, swart burd dêr't er giele en blauwe kraaltsjes yn hongen hat. Mar syn stimlûd stiet har wol oan, en past moai by it swiere burd en gitaarspul. It docht har tinken oan de begjinjierren njoggentich, doe't alle lokale bands sa har bêst dienen om de folgjende Pearl Jam, Nirvana, Bush, Soundgarden, Green Day te wurden. Fan dy djippe sound hat se altyd holden. Bêst mooglik dat Txiki en syn band ek yn dy tiid begûn binne; it binne meast fjirtigers, sa te sjen, útsein de bassist. De gitarist past noch altyd yn syn leren broek, de drummer moat dat al in skoft lyn opjûn hawwe. Fan de teksten ferstiet se neat, mar se klinke serieus. It publyk sjongt it measte mei. Mara herkent allinnich in rûge cover fan The Partisan fan Leonard Cohen. Se klapt en sjocht om har hinne hoe it publyk suver oandien is troch it nûmer.

Op in meter of tsien links fan har herkent se Iban. Se glimket foarsichtich nei him. Hy glimket werom, komt in stap op har ôf. Se lit him komme.

"Do you know the difference between a partisan and a terrorist?" freget er.

Se lûkt oan de skouders.

"The storyteller. If he hates you he calls you a terrorists. If he's a your friend you are a partisan."

Hy sjocht har wat temûk oan. Se wit net rjocht hoe't se dy blik beantwurdzje moast.

"Wat bisto?" freget se.

Hy sjocht om him hinne. "Hjir by ús is elkenien altyd alles", seit er. "Terrorist, partisaan, slachtoffer, dieder. En oars bist wol bern fan ien."

"Bisto de soan fan in terrorist? Of fan in partisaan? Of..."

"Ik bin bern fan alles."

"Hoe bedoelst?"

Hy reagearret der net op.

"Hast moarntejûn frij?" freget er.

Ja, dat hat se.

Iban fisket in kaartsje út de bûse en jout dat har. "Sjoch. Baiona, of Bayonne, krekt oer de grins. Dêr is moarn in bertsolari-festival. Witst wat dat is?"

Ja, dat wit se. Op youtube hat se alris filmkes sjoen fan de keunstfoarm dy't hjir sa populêr is. De bertsolari's moatte teksten ymprovisearje op basis fan in opdracht dy't se dêr op dat stuit krije. Spontaan moat der in liet ûntstean en foardroegen wurde.

"Bisto dêr ek?" freget se.

"Ja, mar ik moat wurkje", gniist er. "Dus do krijst myn kaartsje."

2.

Fan bûten liek it wat in sútrich gebou, mar hjir binnen is de grutte evenemintehal fan Bayonne ien en al gesellicheid en waarmte. Mara skat dat der seker fiiftûzen minsken op de tribunes en banken sitte. De blide ferwachting hinget yn de loft. It poadium telt seis lege stuollen, in kateder en televyzjeljocht. In stik as wat kamera's stean opsteld foar de live-útstjoering. Fierder is der net folle dien oan oanklaaiing, mar de minsken binne optein as siet der in show fan Beyoncé oan te kommen. Links en rjochts rinne technisi yn spikerbroeken en swarte polo's. Iban sjocht se noch nergens.

Se siket it plakje dat oanjûn stiet op har kaartsje: fjirde rige, stoel 23. As se foar in pear minsken delknoffele is fynt se har sit, njonken in famke. Of jonge frou? Se kin tweintich wêze, mar fiifentritich kin ek. Har gesicht is moai geef, sûnder in rimpeltsje of in flekje. Se hat lytse, mar prachtige ljochtbrune eagen. Mar it meast opfallend is har koarte swarte hier, dat se knipt hat yn in soarte fan Mondriaan-model: hoekige stikken ôfwiksele mei sirkelfoarmige patroanen en in pear lange smelle stringen dy't by har holle delhingje. Mara wit net fuortdalik oft se it moai fynt, mar yn kombinaasje mei har frêle postuer en sêfte útstrieling jout it har wat autonooms dêr't se suver oergeunstich fan wurdt. It famke knikt har hertlik ta, as hie se sitten te wachtsjen op har komst. Sa'n begroeting is se net wûn yn dizze kontreien. Se knikt freonlik werom en ploft op 'e readplastic kúpstoel.

Om har hinne gûnzet it. Alde minsken, mar ek in soad jongeren. Se prate, neurië en sjogge drok om har hinne oft der ek te swaaien falt nei in bekende.

Dan klinkt der muzyk en begjint elk entûsjast te klappen en te sjongen. Fanút in doar oan de sydkante komme de seis dielnimmers oan dit bertsolari-festival yn poepemars oanrinnen. Dy achterste... Iban! Mara laket. Dat er dat net planút sizze woe, mar dit 'wurkjen' neamde. Tegearre mei de oare kandidaten klimt Iban it poadium op en nimt it applaus ferlegen yn ûntfangst. Se stean der alle seis by as hienen se gjin tiid mear hân om har te ferstrûpen. De twa froulju ha net betocht om in leuk jurkje oan te lûken en ek de manlju hawwe it kreaze oerhimd of kolbertjaske thúsliitten. Iban draacht in brune ribbroek en blauwe skipperstrui.

As de presintatrise Iban foarstelt klapt it buorfamke flink hurder as by de oaren. Mara sjocht har freegjend oan. Se glimket.

"He's my little brother."

Se hie it witte kinnen, fansels. De lege stoel, it wolkom, dy selde ljochtbrune eagen. Mara knikt blier en stekt har de hân ta.

"Sera."

"Que sera, sera! My name is Aran." Se laket har gesicht iepen. Aran wist dat Sera komme soe, seit se. Dat hie Iban har ferteld. En se sil har bêst dwaan om har gast in bytsje te helpen te begripen wat der aansen allegear bart. Mara knikt har tankber ta. Se sjocht fan Aran nei Iban. Dêr stiet er, mei de hannen yn de bûse. Op it poadium is hy fierwei de jongste. Broer en sus ha deselde eagen, deselde hûdskleur.

"Iban hie my net sein dat er in bertsolari is."

"Iban fertelt wol mear net", seit Aran. "Hy docht ek noch net sa lang serieus mei oan de kompetysje. Mar hy hat talint, want hy stiet hjir no fuort al yn de finale."

De presintatrise freget oandacht foar de earste ronde. De kandidaten moatte yn twatallen in rollespul spylje. It docht Mara tinken oan 'De Lama's' of 'De vloer op', mar se is ferstuivere as de bertsolari's begjinne. Se krije net allinnich in ûnderwerp, mar ek in metrum taskikt. Binnen in pear sekonden moatte se betinke wat se fertelle sille, moatte se in melody dêrby fersinne, in tekst meitsje dy't yn it metrum past én rymt, en dat sjonge. Sûnder muzikanten, sûnder dat se har tariede kinnen ha.

Sa no en dan krabbelt Aran yn in pear stekwurden in Ingelske oersetting yn in notysjeboekje dat se meinaam hat en toant dat Mara. Sa begrypt se dat de bertsolari's mei humor en earnst alles besjonge dat harren oanrikt wurdt oan ûnderwerpen. Ien fan de dielnimmers krijt de seal plat mei in telefoanpetear wêryn't Donald Trump hoflik oer Clinton besiket te praten mar hieltyd ferfalt yn in spottend Hilahahahary. In oar besjingt de prachtige treurichheid fan allinnich op fakânsje wêze. De kandidaten wurde ôfreckene op de kwaliteit fan harren ynhâld, taalgebrûk en sjongen.

Aran skriuwt har fine fingers blau en Mara is har der tankber foar. Sa kin se goed folgje wat der sein wurdt. Yn in ien-twa'tsje makket Iban in prachtige skets fan twa kafeehâlders dy't ûntdekke dat de drank op is. De seal giet plat as Iban sjongend oan syn gasten fertelt dat er de leveransier echt frege hie om del te kommen op 31 novimber.

Yn it skoft sil de sjuery bepale wa't de twa finalisten wurde. Mara freget hoe 't de kânsen lizze. Aran lûkt oan de skouders. Har gesicht is read oanrûn, se faget oer de holle. Mar se hopet, se hopet, seit se.

Mara ek.

It sjueryrapport wurdt oerlange oan de presintatrise. De presintatrise lêst it papier, krollet har lippen en rint nei de mikrofoan ta. De earste finalist is Odei. Gjin ferrassing, seit Aran, hy wie yn 't foar al favoryt. De twadde finalist is wol in ferrassing. Aran gilt, Mara juicht. Hy hat it helle, dy jonge jonge waans eagen krekt sa moai binne as dy fan syn suster. In jonge dy't se oan har boarst drukke wolle soe, ek al wit se noch altyd net rjocht wêrom.

De finale opdracht liicht der net om. Beiden moatte se in ferhaal sjonge oer in echtpear dat op in kuiertocht by in ravyn delrint. It is oan de bertsolari's om te betinken wat se dêr fiele en hoe't it fierder giet. Yn trije kouplettien fan tsien rigels moatte se har uterje, ôfwikseljend fan sân en seis lettergrepen, en eltse twadde rigel moat rymje.

Odei wurdt de seal út laat, sadat er net hearre kin wat Iban sjongt. De jonge stiet no poerlike allinnich op it grutte poadium. Hannen yn 'e bûse, de holle konsintrearre omheech. De seal wurdt stil. Mara hâldt de siken yn. Aran ek. Sy doart net nei har broer te sjen, stoarret nei it programmaboekje ûnder de stoel. De smelle stringen hier hingje har oant op de knibbels.

Iban begjint. It sjongen is wat wif. Mara heart har buorfamke hymjen. Oan it publyk fernimt se dat Iban wat bysûnders docht, der klinkt gemurmél. Nei it earste kouplet krijt er al in dik applaus. Iban jout himsels in pear tellen betinktiid. Mara sjocht njonken har. Aran bûcht har nei har ta en flústert: "Dit giet oer ús heit en mem. Se binne skieden. Om wat ús heit dien hat."

Mara knikt. Wat kin se oars? Iban giet fierder. Om harren hinne sitte minsken dy't skynber witte dat Aran syn suster is, want der wurdt nei har sjoen. Sy hâldt har eagen by it programmaboekje. Oan Ibans stim is goed te fernimmen dat it ferhaal himsels bot rekket, mar hy hâldt it yn de macht. In pear tellen mûstil is it, foardat it twadde kouplet beleane wurdt mei in applaus dat foar it foarige net ûnderdocht, wylst Iban him taredt op it lêste. Aran wol eins net prate, mar Mara bliuw har toch freegjend oansjen. "Us mem libbet net mear. Se hat sels..." Aran gebaart wat, mar liket dat ek wer weromnimme te wollen.

Dan rint Iban wer nei de mikrofoan ta. Hy slokt eefkes. Set de earste sin yn. Mara telt mei. Keurich sân lettergrepen. Dan ien fan seis. Dan wer ien fan... Iban heakket. Sjocht dan foar it earst it publyk yn. De eangst stiet yn syn eagen. Hy is derôf. De holle giet foardel. It publyk lit in hoeden 'òòh' hearre. Iban sykhellet eefkes djip, pakt de mikrofoan fêst mei syn hân, wol him herpakke. De mûle giet iepen. Mar der komt gjin lûd út. Hy sjocht Mara's kant út – nee, nei syn sus. Dan knypt er de eagen stiif ticht. En docht in stap nei achteren, by de mikrofoan wei. In ferûntskuldigjend knikje nei de presentatrise, dan giet er op de stoel sitten, de hannen foar de eagen. De seal bliuwt in pear tellen deastil, dan brekt in geweldich applaus los. Lykas elkenien komt Mara oerein en klapt standewei noch hurder. Iban sil de finale net winne, mar oangripende as dit kin it net wurde.

Pas dan sjocht se nei har buorfamke. Dy sit noch, doart net rjocht oerein te kommen, sjocht helpeleas nei rjochts. Mara helpt har omheech. Minsken sjogge nei har. Mara slacht in earm om har hinne.

3.

Se stappe yn de auto. Iban wiist dat se de strjitte gewoan útride kinne. Dan op de T-splitsing links, in dykje op, it doarp út. It boerd jout oan dat it oer 15 kilometer dearinne sil.

"Dêr is in natuergebiet. We ride in eintsje dy kant út", seit er.

It dykje rint earst parallel oan in streamke troch in delling, mar by in gehuchtje draaie se omheech. Smeller en steiler wurdt it. It is fochtich en der leit in pak blêden op it asfalt, dus se doart net te fluch troch de bochten, mar moat dochs it gas derop hâlde om toeren te hâlden. De sinne blikkert troch de beammen hinne, se moat har konsintrearje om goed sicht te hâlden. Iban seit ek niks. Hy klaut wat yn syn rêchtas om.

Minutenlang sigeseagje se fierder omheech. Sa no en dan ha se in prachtich útsjoch oer it lân. In pear mountainbikers traapje op in lyts fersnellinkje nei boppe ta, slingerjend oer de dyk. Mara nimt gas werom, moat sels eefkes stilhâlde om werom te skeakeljen nei de ien. Pas op in wat breder plakje doart se de fytsers yn te heljen.

"Binne jim noch lang bleaun, juster?" freget se.

Hy skodhollet. "Nee. Ik moast Odei fansels lokwinskje en mei wat minsken fan de organisaasje ensa prate, mar doe't dat dien wie binne we gau fuortgien. No ja, it wie al moai dat ik yn de finale stie, fansels. Mar ik hie sa net einigje wollen."

Twa kilometer noch, sizze de buordsjes. Yn in binnenbocht is in lytse iepen flakte. Iban wiist dernei, om te parkearjen. Se binne de iennichsten, hoewol't it prachtich waar is. Mara set de auto yn it mosk en docht de moter út. No krekt sjocht se dat Iban noch mar kwalik burdgroei hat. In pear losse hoekjes op syn kaakline binne bestoppele, mear is it net. Mar omdat se swart binne liket it gau wat. Se stappe út. Der stean betonnen picknickbanken en twa prullebakken. Yn ien derfan smyt Iban wat plastic ferpakkingsbrot dat er út syn tas fisket.

Oan de oare kant fan it dykje is de helling goed te berinnen, skean omheech. Mar omdat se noch stram is fan it sitten falt it Mara swier. Iban is har in pear stappen foar. Nei in pear minuten binne se boppe. Mara himet, mar as dat ôfnimt heart se hoe deastil it hjir is. Sels gjin fûgels of koëbellen te hearren. Iban siket in flinke stien dy't ta it grien útstekt en jout him derop del. Se hawwe in prachtich útsjoch oer de bergen, hjir. Mara set har njonken him te plak. Foar harren út sjogge se ferskillende heuveltoppen. Grize rotsen, as potdeksel op de grienbrune skeantes. Swijend sitte se it yn harren op te nimmen. Der hinget wat yn de loft. In buizerd, in havik? Hy draait machtige rûnten sûnder ien wjukslach.

"Hjir wennet gjin minske mear", seit Iban. "Achter dizze berchkaam hâldt de dyk op."

"By jim is net de see, mar it lân de útein fan de wrâld", glimket Mara.

Iban reagearret der net op. "Minsken út it doarp komme hjir faak om poddestuollen te plukken, of beien. Folk fan bûten komt hjir net folle omdat it nergens útkomt. Dus dit is sa'n bytsje ús eigen wrâldsje, hjir."

"Bisto hjir berne? "

"Ja. En ús heit en mem ek. Wy binne echt fan dizze streek."

"Ik kin my hielendal foarstelle dat jim hjirfan hâlde. It is sa prachtich." Se mient it.

"It is ús straf", seit Iban. "It is hjir sa moai dat we net iens oerwaagje om ergens oars nei ta. En sa sitte we hjir fêst. Opsletten yn it paradys. Dat dêrom dus gjin paradys mear is."

Se knikt dat se it snapt. Iban hellet in flesse sider út de tas en set dy oan de mûle, biedt him dan oan Mara oan. Se wivelt, tinkt oan de bochten dy't se allegear noch nimme moat oan de weromreis.

Hy sjocht it. "In bytsje kin prima. Der sit hast gjin alkohol yn."

Se nimt in pear slokjes. Lekker is it wol.

"Froeger holden se wol races. Hjirboppe earst in flesse sider leechdrinke, en dan wa't it fluchst nei ûnderen ta koe. Yn dy âlde auto's fan harren, fan dy Kadetten en Taunusen. Us heit hat der ek faak oan meidien."

"En is dat altyd goed gien?"

Hy lûkt oan de skouders. "No docht nimmen it mear. Sille we in eintsje fierder rinne?" Hy wiist nei rjochts. It liket gjin steile klim, en se bliuwe boppe de beammen. Mara stimt ta. Se komme oerein en rinne fierder.

"Wennesto allinnich mei jim heit?"

"Ja." Hy sjocht oan har dat der mear antwurd fan him ferwachte wurdt, mar wivelet eefkes. "Aran wennet yn Donostia, op harsels. Dêr kin 'k wol faak hinne. Mar langer as ien nacht kin ik ús heit net allinnich litte, dus ik kom altyd werom."

"Wat mankeart him?" It paadsje is hjir smel, mei in stiennen trepke omheech. Iban rint foarop. Se hawwe eefkes alle azem noadich foar it klimmen. Mara wit it, dit jout him in ferlechje om sunich te wêzen mei wurden. Dy útwei gunt se him graach.

Iban wachtet oant se boppe binne. "Dat is stadichoan begûn. Hy kaam hieltyd minder de doar út, hielendal nei't ús mem der net mear wie. De boel gie op slot. Yn hûs, mar ek by himsels. Hy seach gjin minsken mear, rekke folslein yn himsels."

"Is dêr in reden foar, of in begjin?" freget Mara.

Iban sjocht om him hinne. Fyftich meter ûnder harren rint it asfaltdykje, dêrachter giet it rjocht nei ûnderen ta. It fjild is hjir iepen, de hellingen steil. Iban wiist dy kant út. "Ja, dat leit dêr."

In healoerke ha se noadich hân om by it 'dêr' te kommen. Mei in ombocht, want streekrjocht nei ûnderen ta is fierstente gefaarlik. No al wienen de paadsjes glysterich en skoar. In stik bosk moasten se troch, mar hjir is it wer keal. It rûzjen fan it beekje njonken harren makket dat se lûder prate moatte as dat Mara wolle soe. It paadsje komt út by in lyts betonbrechje oer it wetter hinne. Iban rint derop ta en hâldt halt. Mara sjocht om har hinne. De delte leit hjir yn komfoarm tusken de bergen. Hûndert meter boppe harren slingert it asfaltdykje yn in lus om har hinne.

Fan bernsôf oan hienen se freonen west, hat Iban har ûnderweis nei ûnderen ta ferteld. Syn heit en Xabier. Tegearre hienen se op strjitte boarte, tegearre wienen se op skoalle begûn, tegearre rûnen se middeis nei hûs ta omdat se neist elkoar wennen. Se krigen itselde boartersguod, kochten deselde brommer, wikselen elkoars muzyk en famkes út, en kroepen by elkoar yn de auto om de berchôf-hurdrydwestriden te winnen.

"En doe krigen se elk in gesin?" freget Mara as se op de trepstreden fan it brechje sitten giet.

"Beiden trouden mei in famke út eigen doarp. Safolle wienen der net, dus dat griemde allegear yn elkoar om. Mar it gie goed. Us heit hie in garaazje dêr't er auto's reparearre, mar ek fytsen en brommers. En hy die wat koerierswurk, pakketsjes nei de stêd ta bringe ensa. En mem wurke by de bakker, wat it plak wie dêr't it hiele doarp syn kofje en txakoli dronk en wat pintxo's ite koe. Doe't we lyts wienen rûn ik faak tegearre mei Aran derhinne en krigen we wat lekkers. Xabiers frou wurke der ek. Mar dy koe minder goed opsjitte mei ús mem as harren beide mannen mei elkoar."

"En dat koste harren de freonskip?"

Iban skodhollet. "Xabier gie yn de polityk. Dat waard him net yn tank ôfnaam troch it doarp. Hy siet by de Partido Popular. Streekrjocht út de Franco-stâl, seinen de minsken hjir. Us doarp wie fansels hartstikke Baskysk, dus in Franquist hie it hjir dreech. Mar Xabier kaam no ien kear út sa'n famylje dy't der oprjocht fan oertsjûge wie dat it foar it lân better wie om in ienheidssteat te wêzen. En Xabier waard algau in belangryk politikus yn de regio." Iban hellel in stik tortilla út de rêchsek en rikt it har oan. Mara slacht it ôf.

"Mar op ien of oare wize wisten ús heit en Xabier freonen te bliuwen", giet Iban fierder. "Dat wie knap, mar neffens heit koenen se freonskip en polityk goed skieden hâlde. Se praten der gewoan net oer, seid er. Se bleauwen tegearre de bergen yn gean, rinnende of mei in auto. As heit in auto makke hie, die er der faak in ritsje mei nei boppe ta en werom, om te testen." Iban nimt in hap fan syn tortilla en falt eefkes stil.

Mara sjocht om har hinne om him de tiid te jaan. Oer it dykje rydt in auto nei ûnderen ta. Se kin hearre dat er op 'e moter ôfremmet. Iban komt oerein en rint nei de oare kant fan it brechje ta. Hy wiist op it trepke oan dy side. Oan de útein is it brokkelich, flechtizer komt foar it ljocht tusken it beton. Underoan mist der in hoeke út.

"Hjir is it einige mei Xabier. Earne ein jierren njoggentich rieden ús heit en hy achter elkoar oan nei ûnderen ta. Xabier rekke fan de dyk ôf. Hy is sa it ravyn yn stoarten. Hjir oan de foet fan de brêge is hy ta kaam. Mar doe wied er al withoefaak oer de kop slein, fansels."

Mara besjocht it plak. De klapp hat net allinnich in stik fan it trepke weinaam, it hiele spul is ek wat ûntset, sjocht se no. "En jim heit?"

"Dy sei dat er der neat oan dwaan koe. Xabier wie ta syn fernuvering op in rjocht stik ynienen by it paad del glide, seid er."

"En hy koe him net mear helpe?"

Iban skodhollet. "Hy sei fan net. Mar doe kaam de ETA mei in ferklearring dat se mei súkses in moardoanslach plege hienen op Xabier. Dat skoep twivel."

"Wat freeslik foar jim heit. Wied er doe ynienen fertochte?"

"Ik wit net wat de minsken tochten. Mar ús heit hold fol dat it in ûngelok wie. Lykwols feroare doe alles. Minsken begûnen him te mijen, syn bedriuw rekke klanten kwyt; ús mem koe net mear wurkje mei Xabiers frou en moast ûntslach nimme. We krigen it swier, thús. Minder jild, mear spanningen. Ek tusken heit en mem. Hieltyd faker hearden we se ruzy meitsjen. Aran en ik kroepen elkoar bot oan, jûns, mar it holp net. Sy bidde foar leafde, mar der kaam neat. Us heit siet hieltyd faker yn 'e hûs, omdat er yn de garaazje net folle wurk mear hie. Mei syn koerierstsjinst wied er ek opholden, we wisten net werom. En hy woe nearne mear hinne. Sa waard it stadichoan ûndraachlik yn hûs. Earst wachten se noch mei rúzjemeitsjen oant wy op bêd leinen, letter koenen se sels dat net mear opbringe. It wie in fulkaan."

"En dy barste in kear út?"

"Us mem sette him úteinlik it mes op 'e kiel. Letterlik, hast. Op in jûntiid stie se foar him te swaaien yn de keuken. Ik wit net mear oft it in mes wie, mar se hie ark yn 'e hannen. Wy stienen yn de doar iepening, mar dat hienen se net iens yn de gaten. Mem soe him wat oandwaan as er no net útspriek wat der krekt gebeurd wie dat har libben op 'e kop setten hie. Doe hat heit it tajûn."

"Dat it gjin ûngelok wie?"

Iban knikt. Hy slacht de rêchsek wer om it skouder. Se rinne itselde paadsje werom. Nei in skoftke litte se it beekje achter har en rinne wer troch de bosk. Hearlik stil is it hjir. De beammen steane op flinke ôfstân fan elkoar, dêr tuskenyn is it ien brún tapyt. Mara skopt eefkes troch de blêden hinne. Aansen moatte se wer omheech, dus Mara besiket de gong derút te krijen, foardat se straks net mear prate kinne, giet foar him út rinnen, achterút, mei it gesicht nei Iban ta. Hy begrypt it. Se hâlde stil.

"It koerierswurk dat er die wie net ûnskuldich, sa joech er ta. Heit hie kontakten mei de ETA, hold se op 'e hichte fan wat er yn it doarp spile en brocht guod rûn. Wierskynlik hied er earne hjir yn de bergen wapens ferstoppe. Mooglikheden genôch. Yn elts gefal hat er op in dei de opdracht krigen om Xabier te eksekutearjen. Hy doarst it net te wegerjen, mar hat der wikenlang mei ompakt, fertelde er dy jûn. Hy koe it net foar elkoar krije om syn freon dea te sjitten. Mar hy stipe it idee dat anti-Baskyske politisi lykas Xabier út de wei moasten, en in ETA-befel koed er net wegerje. Dus úteinlik hied er it mei himsels op in akkoartsje goaid. Hy prate mei Xabier op 'e berch ôf, en krige him dêr safier om nochris in kear te sjen wa't it hurdst nei ûnderen ta doarde. Dêr op dat rjochte stikje kinst neist elkoar ride. Heit koe syn auto njonken dy fan Xabier krije en hat him sa fan de dyk ôf drukt."

Mara siket in plakje tsjin in beam. Iban bliuwt foar har stean, tekent mei syn teannen sirkels yn it blêdetek.

"Heit is noch nei ûnderen ta rûn, om it logysk lykje te litten. Hat doe help helle. Sa tocht er der foarwei te kommen. Hy hold fêst oan syn ferhaal, ek doe't er murk dat minsken twivelen oan syn útlis. Mar hy rekke geandewei fierder út syn lykwicht. In pear jier lang hat er it folholden, doe krige mem it derút. Foar ien kear."

"En dêr koe sy net mei libje? Dat ravyn dêr'st juster oer songst..."

Iban knikt stadich. "Wa't geweld weimuozje wol, kreëart in ûnsichtbere fijân dy'st net weromslaan kinst. Sûnt libbet heit sûnder bestean. Hy kin net mear by oare minsken, mar ek net allinnich wêze . Hy hat alle sizzenskip oer himsels ferlern."

Iban smyt syn rêchpûde op de achterbank. Mara startet de auto. Foarsichtich stekt se achterút omheech de dyk op. Dan fuort yn de twa, en fierder kin se de auto hast rôlje litte. Op it rjochte stik dêr't Xabier fan de dyk ôf rekke stiet in aluminium vangrail, read-wyt ferve.